



## Sintrale keuken 1944-1945

Yn de hjerst fan 1944 wie ik sân jier. Wij wennen tusken it Fermaningspaadsje en de ûnderwei yn Koudum en It lân fan Watse tusken de ûnderwei en de Far wie ús boartersterrein mar ek op de ûnderwei en de Wâl strúnden wij faak om.

Op 'e ûnderwei en oan 'e Wâl begûn foar de hjerst fan 1944 in nije aktiviteit: Dêr sieten manlju te jirpelskilen, no ja, mar twa: Rein fan Meis Quaré en Liuwe fan Rinke van der Veen. De oaren wiene jonge feintsje sa as Piebe fan Popke de Vlucht, Anne fan Hette Boonstra, Menzo fan plysje Meijer, Piet Douwes Visser, Sybolt Bandstra, Harry Bakker en sa. Allegearre in diploma yn 'e bûse en wachtsjend op wurk as in ferfolch skoalle.

De brânstof lyk as peteroalje en swarte brant wie krap as net te krijen, mei dêrom is in Sintrale keuken opset as in soarte fan Itensbank, yn de grutte loads fan Gebr. de Jong, beurttsjinst en swarte brânje hannel. De loads wie leech want gjin brânje dus. De fakken foar de ferskate soarten swarte brant krigen in oare funksje. Yn ien leine jirpels. It foarste fak wie in soarte kantoar, der stie ek in kachel, dat doe de winter kaam sieten hja dêr te snijen en te skilen. Sels kachelhout wie krap dat in ploech om in beam nei de Molkwarder Dyk om it duveltsje oan de praat te hâlden.

De nije foarsjenning neamde men ek wol 'Gaarkeuken', mei in Fryske g. Popke de Vlucht, de 'baas' fan túnkerij Welgelegen wie de organisator. Mooglik leveren de túnkers griente. Men brukte koal yn ferskate soarten wêrûnder ek sprútkoal. D.w.s. net de spruten, mar de toppen fan de stronk en de blêden, en fierder rapen, woartels en sipels. De beurtskipppers kochten jirpels om ústens en fierden dy oan. Der wurde ek wol fleis ferwurke, net-koerant fleis sa' t men sei, 'bankfleis'.

Harry Bakker hie heard fan de oare jonges dat er wat te fertsjinjen wie, in tientsje yn 'e wike. Mar moarns fyf oere der út en dan oant de middei griente snije en jirpels skile en sa. Harry koe bêst jirpel skile want as de âldste fan in flinke húshâlding kaam him alle dagen sawat in amer fol troch de hannen. Piebe Bakker, de lettere dirigint, moat der ek by west hawwe. Dat kin goed want hy en Piebe de Vlucht wienen freonen. Ulfert de Jong hearde lang lyn fan him it ferhaal dat Piebe Bakker op in moarn betiid yn it tsjuster te wetter rekke wie by it waskjen fan de jirpels yn de Symkewyk.

Popke de Vlucht kaam al gau mei in jirpelskylmasine oansetten. En hij liende fan Simens Froukje (van der Veer) de grienteman op 'e hoeke fan Smidswei en Haadstrjitte de koalsnijer dy't Simen brûkte om wiite koal te snijen foar de suurkoal. No dat wie in genot, de koalsnijer wurke krekt as de bitesnijer dy't de boeren brûkten foar de foerbitten, allinne die dizze it moai fyn. Hja moasten de hânkrêft brûke om it draaie te litten.

It spul kaam yn tontsjes fan in 70 mingel (in mudde). Sa gie it iten nei de súvelfabryk om it stome te litten. Ttsjin itenstiid kaam it gear werom yn grutte rûne houten kûpen, mei izeren bûgels en koenen de jonges it mar stampe. Ek dat gie mei grut materiaal.

De Koudumers yn de rige mei pantsjes en amkerkes. De jonges holpen mei it opskeppen, foaral Menzo Meijer hie der tige de slach fan. Der moast wat betelle wurde en er moast ek in distribúsjebon ynlevere wurde. Hinne de Jong de baas fan de distribúsje- tsjinst, dy't doe kantoar hie yn de âlde skoalle oan de Hoofdstraat, hie der tasicht op.



Myn maten út it Fermaningspaadsje en ik wiene dêr faak even by te sjen en om te slynen. At de klanten fourt wiene klommen wy op de izeren bûgel fan sa'n kûp en striken mei de fingers lâns de binnenkant. Sa lekker, wy slikken de fingers ôf. En dat wylst ik de earste kear dat ús mem it opskepte dêr gjin bek op sette woe. Al hoe folle sin oan iten at ik ek hie fan it boartsjen op it iis.

De bargaen fan Minze Mensonides op Molebuert krigen wat oerbleaun wie. Hy helle it middeis op yn amers mei in kärke. Nuvere oanslaggen hiene we ek want op in kear pissen we oer de amers mei iten foar Minze's bargaen hinne. No Minze, hjit fan liikens, kaam bij ús thús oan de doar mar net bij Roosjen as Terpstra.

### **In sombere optocht**

Op in moarn betiid wie der gjin stroom dat de jongen fan de Sintrale Keuken giene nei hûs. Der lei in berch snie dus wol ljocht. Harry Bakker, Anne Boonstra en Menzo Meijer giene de buorren op, de oaren troch it Fermaningspaadsje. Harry en dy binne bij de blomisterij fan Popke Grasman, komt er in optocht oan, hja geane oan 'e kant op de opskode snie stean want in Dútske soldaat mei de fyts oan 'e hân komt nei ûnderen. Achter him rinne yn Koudum oppakte jongens, elk ûnder begelieding fan in soldaat; bekenden: Jurjen Reinstra, Wieger Hobma en Atte Reinstra, en unbekenden, underdûkers. Hja giene de Stasjonstrjitte yn nei Starum as nei it stasjon.

Harry fertelde dat hja dêrnei Jurjen Attes Reinstra op 'e strjitte troffen, de heit fan Atte, hij stie te skriemen: 'hja ha myn jonge meinaam'. Dat makke yndruk op de jonges, sa'n stoere jager en fjildman dy't sa lytsman wie dat er stie te skriemen. Atte wie trouwens al nei in pear dagen wêr thús want in suster fan him hie konneksje mei in SS-er dat hij kaam mei de skrik frij. Wieger Hobma en Jurjen Reinstra en de underdûkers bin wol ôffiert. It moat 4 febrewaris 1945 west hawwe. De jonges gyngen in strieminne tiid yn Wilhelmshaven temjitte.

Koudum, juny 2020, 75 jier nei de befrijing.

Mei tank oan Ulfert de Jong en Harry Bakker (1927) te Mullum, soan fan Hylke Bakker, ferwer oan de 'Burren del', no nû 46, neist de Bakkersteeg. Harry is net sa te sprekken oer de reaksjes yn 'it Album fan Koudum', dat it iten fan de garkeuken sa min wie. It wurde op skjinne wize en mei soarch makke, liet er witte. In inkele kear wienen de jirpels min, bytsje glêzich, en ja dan foel de stampot wat minder út fansels. Mar bettere sûpenbrij en havermoutenbrij as dy út de gaarkeuken wie der net. Dochs wie it nei de befrijing al gou dien. Der moast wer branje yn de loads.